

Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woenne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik "De bekroande earsteling". De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 38
Nûmer 3, Desimber 2023**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

Wêr bliuwe ús advertearders?

Bêste leden, soenen jimme,
as jimme grutte nije dingen
keapje, oan ús krite tinke
wolle.

Jimme soenen betingje
kinne, dat it bedriuw dan
ek in advertinsje yn ús
kritekrantsje sette moat.
Kosten € 60,= foar in heal
A5, € 30,= foar 1/4 A5.

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg!?**



van Schoon
Werk
VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

dere albums en nûmers fan syn nijste album, 'Letter'. De teksten hat hy foar in part sels skreaun, mar hy hie ek in oantal troch oaren yn it Frysk fertaalde nûmers, fan sjongers as Jules de Koarte en Herman fan Fean (in fertaalde tekst fan Jacques Brel). En it bekendste nûmer fan Doris Day, 'Que sera, sera', wêrby hy de kûpletten yn it Frysk song, en it publyk it algemien bekende refrein yn it Spaansk.

In soad nûmers rôpen op alderhande manieren werkenning op. Ien dêrfan wie it lietsje oer de beroemde/beruchte jongeren-camping De Appelhof op Skylge, wêr't hy as 15-jierrige foar it earst sûnder syn âlders op fakânsje gie. Foar mannichien fan ús in stikje jeugdsentimint!

Nei it skoft fertelde hy oer syn gearwurking mei Stef Bos, dy resultearre hat yn in pear nûmers dy sy mei-inoar sjonge, foar in part yn it Frysk en foar in part yn it Nederlânsk, lykas 'Is dit no later/Is dit no letter'. Hy song ek it bekendste nûmer fan Stef: 'Papa', dat yn de ferzje fan Adrie 'Heit' hyt. Hy hie noch folle mear moaie en/of aardige nûmers, en ik hâld oan dizze middei in echte 'feel good'-oantinken oer.

De middei waard ôfsletten mei de tradisjonele ferlotting, wêr elkenien wer entûsjast oan dielnaam, en wêrby wer in oantal oantreklike prizen wûn waarden.



Yvonne Nederpel.



AG en M- en Y-dei 16 maart 2024.

Sneon **16 maart 2024** binne jimme wolkom op de **Algemeine Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemiddei** fan it Frysk Boun om Utens by de Fryske Krite fan Meppel yn Doarpshûs De Schalle, Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen - 0522 491 422.

It bestjoer fan it Boun is drok dwaande mei de tarieding fan dizze dei.



In moaie kriteriddei mei trûbadour Adri de Boer

Middeis 18 novimber 2023 yn teäter Posa.

In besite oan it altyd gesellige teäter Posa wie in bysûnder goeie besteging fan in tige wiete, tryste sneontemiddei, en as dêr dan ek noch in trûbadour as Adri de Boer spilet, is it hielendal goed. Spiti-gernôch hat net elkenien der sa oer tocht, want it besikersoantal wie tige leech: mar 26 oanwêzigen. Mar de stemming lied dêr gehiel net ûnder.



Ik ha genoaten fan syn ferskes, dy't – lykas ek al yn de oankundiging yn it foarige krantsje stie – echte lústerferskes binne, dy hy hieltyd ynlate mei in koarte taljochting. Hy spruts en song op in mylde, waarme, mar ek humorfolle manier oer syn húshâlding, relaasjes, freonen en barrens.

Foar de ferskes dy't Adri dizze middei song, hie hy keazen út nûmers fan ear-

Ynhâld Meidielingelêd:

	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Kriteiis	4
# Kuierje lâns de grins fan Fryslân	5
# Utnûging 16 desimber Krystmiddei	8
# Utnûging 20 jannewaris Nijjiersbesite	9
# Ut de Boekehoeke	11
# Ut de Itensiederij	13
# Folksferhaal, foarbylden fan byleauwe en siswizen	14
# Nijs fan it Keninklik Frysk Boun om Utens	16
# Ferslach optreden Adri de Boer fan 18 novimber	16

*De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar **21 jannewaris 2024**.*

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is € 25,= yn't jier / stipers € 15,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk**.

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: **Albert Postma en Gerrit Kingma**.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden fan de Sékrite,

As ik dit stikje skriuw, dan hawwe wy juster krekt it optreden hân fan Adri de Boer. Tsjonge, wat kin dy man moai sjonge. Ferskes fan himsels, mar ek oersetse ferskes fan Nederlânske en bûtenlânske sjongers. It wie in prachtich optreden. Yvonne Nederpel hat der op de siden 16 en 17 in moai ferslach fan makke. Jammer, dat der op 'e middei mar sa'n lyts protsje minsken wiene. 26 fan de 78 leden dy't wy as krite no noch ha, wiene der, wêrfan ek noch 10 leden fan it bestjoer mei oanhang. Dat foel ús wol wat tsjin. Mooglik dat it oan it minne waar leit, want it hat de hiele middei trochreint. Wy as bestjoer hoopje wol dat de opkomst op de kommende kritegearkomsten wat better wêze sil, oars komt it net goed mei ús krite. En jimme kinne dat al sjen litte op de Krystmiddei dy't op 16 desimber o.s. organisearre wurdt troch it sjongkoar en de Nijjiersbesite dy't op 20 jannewaris organisearre wurdt troch it lendeisbestjoer. De ynhâld fan dizze beide gearkomsten stiet op de siden 8 en 9 fan dit kritekrantsje.

Dat it juster de hiele middei reinde, dat is al wiken oan de gong. Wy binne noch mar healwei de slachtmoanne, mar op it haadstasjon fan it KNMI yn De Bilt is no al 79 milimeter reinwetter fallen. Dat falt der gewoanwei yn 'e hiele moanne novimber. It waar giet mar troch mei it bot hinne en wer gear. It is suver hast in kadoke, as der in drûge dei en ek noch sinneskyn is.

Jo freegje je dochs ôf of dit komt troch de klimaatferoaring. In grut tal Fryske natuer- en miljeu-organisaasjes roppe de provinsje en it Wetterskip op om faasje te meitsjen mei it útfieren fan maatregels om Fryslân op de effekten fan klimaatferoaring ta te rieden. Ut de fyzje 'Fryslân klimaatbestindich 2050+' fan beide oerheden, dy't op it stuit op besjen leit, docht bliken dat der grutte útdagingen op Fryslân ôfkomme: de provinsje wurdt skielk hieltyd drûger en hat mei slimme stjalprein te krijen. It hjoeddeistige systeem fan ôfwetterjen kin dat reinwetter net oan. Dêrt-

wiene, soe beskamsum wêze.

Yn it ferline waarden jûns de finsters oan 'e bûtenkant mei houten lûken ôfsletten. Tusken de planken sieten naden en struners besochten dan wol om dêrtroch te loeren. As feint en faam tegearre yn 'e keamer oerbleaun wiene, die de faam in skelk foar de finsters, sadat nimmen fan de bûtenkant ôf wat sjen koe. De oaljelampe waard nei ûnderen draaid, sadat it aardich skimerich wie. Mar echt frij wie it net, want hiel faak wiene de bedsteden fan de âlden yn itselde fertrek en moast der flústere wurde. Yn 'e simmer giene se meastal nei de fjoerhutte.

Byleauwe

- In frou dy't swier is en op 'e lêste dagen rint, moat har hier net knippe litte, oars soe it bern berne wurde mei in keale holle.
- As se ûnder in drûchline trochrint, soe de frucht smoare kinne.
- Se moat de hân net útstekke nei wat net fan har is, it bern soe letter in dief wurde kinne.
- By in apelhôf dêr't in pear tûken oer de freding hongen, stiene in pear froulju te praten. Ien fan harren wie swier. Doe't dy der in apel ôfplôkje woe, waard se tsjinholden troch in âldere frou. Ho, sei dy, lit my it mar dwaan.
- As in skroarske (naaister) oan 'e ein fan de dei mei in himd foar in klant dwaande is, en de mouwen moatte der noch oan, moat se it wol ôfmeitsje. Oars soe der nachts immen dy't men leaver net yn 'e hûs hat, komme kinne om it ôf te meitsjen. Dan stjert dejinge foar wa't it himd bedoeld wie en sil er in deadshimd sûnder mouwen oan krije.

Siswizen

Dat wyfke kin net mear allinne rinne. *Se hat immen ûnder de skelk.*

Hja ha de duvel op it hiem sjoen. *Se binne in protte úthuzich.*

Hy hat mar ien each yn de holle. *Hy sjocht net fierder as syn noas lang is.*

De earen sille him noch wolris bekôge wurde. *Hy sil noch wolris omstean leare moatte.*

Neiferteld troch Jangerben Mulder.

Boarne: *Uit Friesland's Volksleven*, twa dielen (noch te krijen by twaddehâns boekwinkels)

Hjir folgje in folksferhaal, foarbylden fan byleauwe en siswi-zen út *Uit Friesland's Volksleven*.

Folksferhaal oer frijer eartiids.

Eartiids sieten de fammen gewoan thús te wachtsjen oft der ek in feint oan 'e doar kaam. Dat moast dan wol foar jûns acht oere wêze. Der wie in siswize dat dejinge dy't nei achten komt, kin foar njoggenen de doar wer út gean.

As in frijer nei achten kaam, koe men tinke dat er by in oare faam ôfwiisd wie en dat hja de twadde kar wie. It barde ek wolris dat de frijer foar de winige doar kaam en fuortdaliks ôfwiisd waard. Meastentiids waard er der wol ynlitten, mar as de faam net oerein gie om him in stoel en in lange piip oan te bieden, liet se witte dat er net wolkom wie. Dan wist de frijer wol hoe let oft it wie. Seach de faam soer en sei se gjin wurd, dan gie de frijer hastich fuort om it earne oars te besykjen.

It barde fansels ek wol dat de frijer foar achten kaam en dat in oar him foar west hie. Dan siet de feint dy't him foar west hie prústich mei de lange piip yn 'e mûle as in ridder yn 'e stoel. Dan hie de twadde feint reden om te tinken: Myn hjerring bret hjir net, en gie er hastich fuort.

As de frijer mei de famylje siet te kofjedrinken, koe er in geunstige of in ûngeunstige yndruk meitsje. Wie er skruten en sei er net safolle en siet er mar nei de tegeltsjes te sjen, dan tocht sa'n faam: It is in stientsjeteller; dit kin neat wurde. Mar wie er in swetser of in grutsprekker, dan makke er himsels bespotlik.

Foar in feintsje fan amper tweintich jier wie sa'n lange piip meastal in ramp. Dy hearde der no ien kear by en foaral dat stopjen út de tabaksdoaze gie by de measten hiel ûnhandich. It oanstekken fan de lange piip barde yn dy tiid noch mei in komfoar of in têtst en dan barde it wol dat de pypstâle stikken gie. Dan stie de feint der moai op. As de famylje op bêd gie en de faam smoarde it hurdfjoer, wie dat foar de frijer it teken dat er in blautsje krige en wol fuortgean koe.

Meastal koe de frijer wol fernimme dat it neat wurde soe, mar hy gie dochs net fuort, want sa betiid thús komme as syn húsgenoaten noch net op bêd

roch ûntstiet skea foar natuer en lânbou en stiet de feiligens ûnder druk. By de út te fieren maatregels pleitsje de organisaasjes derfoar om maatregels te treffen dy't by in natuerliker (wetter)systeem passe, lykas hegere en fleksibelere (grûnwetter)

peilen en it fêsthâlden fan mear wetter. Der wurdt foarsteld om wetter en boaiem stjoerend te meitsjen yn de romtlike ynrjochting fan Fryslân. Dat útgangspunt stypje de Fryske Miljeufederaasje It Fryske Gea en Natuermonuminten. Mar net alles kin mear op alle plakken. Wy moatte leare om mei



Foto: Provinsje Fryslân

wetter te libjen. Romtlike yngrepen lykas wentebou, it winnen fan enerzjy en de lânbou moatte mear op it wettersysteem ôfstimd wurde. Ja, der is in protte wurk oan de winkel!

Nederlân is grut wurden yn de wetterbou, mar dat gie oer it wetter fan de see tsjin te hâlden. Tsjintwurdich moatte wy neitinke hoe 't wy yn de drûge tiden it wetter fêsthâlde kinne. Mar ek it stân fan it wetter fan de see sil yn de kommende hûnderten jierren heger wurde, dus ek op dat mêd sil der yn de takomst wat barre moatte. Ja, dat krije jo as jo yn in delta wenje, miskien moatte de minsken út it westen oer in pear hûndert jier dochs ferhúzje oan de oare kant fan Amersfoart, op de hegere sângrûnen. Wa sil it witte!

Wy hoege op ús jierren op dit stuit ús dêr noch net hiel drok oer te meitsjen, mar úteinlik is regearjen dochs in ein foarútsjen en dat blykt nedich yn dit gefal.

No minsken, dat wiene wat beslommingen oer de takomst.

Wy konsintearje ús earst mar wer ris op de takomst fan tichteby, want ik hoopje dat ik jimme allegearre wer sjen mei op ús Krystmiddei en de Nijjersmiddei yn jannewaris. Tink der om, de datum is fersetten fan 13 nei 20 jannewaris. Oant sjen!!

Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2023-2024

DATUM	WAT KOMT DER?
16 desimber 2023	14:30 oere yn POSA Krystmiddei mei it sjongkoar
20 jannewaris 2024	14:30 oere yn De KRAKELING Nijjersgearkomste
17 febrewaris 2024	14:30 oere yn POSA Sjongduo Nanne en Ankie
23 maart 2024	20:00 oere yn POSA Teätergroep FJOER mei 'ALLES WENT'

TINK DER OM:

de datums fan jannewaris en april binne feroare

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl. Yn't foar tige tank.

Troudatums foar safier it bestjoer se wit:

- Albert en Henny Postma, op 17 jannewaris 60 jier troud.
- Jan en Fetsje Meijer, op 6 maaie 65 jier troud

Wy meie de adressen fan de leden net yn it boekje sette, mar as jimme in kaartsje stjoere wolle, as wat oars, dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

UT DE ITENSIEDERIJ**Plaatkoeke fan bytsjes**

Dizze kear in tige lekker en ek hiel maklik resept.

Yngrediïnten:

- 8 oant 10 plakjes fan in rol blêddaai
- 100 gr krêm fraîche
- 3 searne bytsjes
- 60 gr sêfte geitetsiis
- rasp fan in heale sitroen
- 40 gr walnoten
- piper en sâlt
- (in pear bledsjes basilikum)

Ferwaarmje de ûne foar op 200 graden.



- Beklaai de bakplaat mei it blêddaai.
- Kerf de randsjes oant omtrint 1 sintimeter yn mei de efterkant fan in mes, en prik gatsjes yn it daai.
- Ming de sitroenrasp en wat piper en sâlt troch de krêm fraîche en smar dy út oer it blêddaai.
- Lis dêrop de yn tinne plakjes sniene bytsjes.
- Ferkrommelje de geitetsiis en de walnoten oer de bytsjes.
- Set de bakplaat yn de ûne en bak it yn omtrint 25 minuten gear.
- Meitsje dêrnei alles ôf mei in pear bledsjes basilikum.


Dizze plaatkoeke is sawol waarm as kâld lekker.

Yt lekker!

Groet, Yvonne

Súdfrânske boerinne, Bertrande, moat it al acht jier rêde sûnder har man, Martin Guerre, dy't him as soldaat ferhied hat. Bertrande, al gau as widdo bestimpele en troch ûnearbere foarstellen efterfolge, wit eare en goed te bewarjen. Har deugd wurdt beleanne. De Martin Guerre dy't weromkomt, is net mear de ienselvige, wat rûge adolesint dy't se troude, mar in man dy't fan it libben hâldt, mei wa't se in tiid fan hertstocht en lok belibbet. Oant in twadde Martin Guerre opdûkt, in rauwe, ienskonkige oarlochsklant, dy't syn rjocht op erfgoed en op Bertrande wol tige oannimlik wit te meitsjen..

Luit Dijk en Johanna van Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl, til. 0320-412444



Ta oantinken oan Pier Kalsbeek.



Op 5 oktober 2023 is ús trou lid fan it sjongkoar, Pier Kalsbeek, nei in slimme sykte yn 'e âldens fan 86 jier ferstoarn.

Pier is fanôf 2002 lid west fan it sjongkoar, hij wenne doe al mei syn Pietsje op de Groene Velden yn Lelystêd. Pier wie altyd wurksum mei Fryske hynders en fôltsjes. Hy hat ek wol mei syn hynders nei keuringen west.

Pier wie in sportman yn hert en nieren, hy hat 5 Alvestêdetochten riden, hat 4 krúskes helle, want by de lêste Alvestêdetocht is hy fallen en hie de heupe kapot. Hij woe noch ien kear dat 5e krúske helje mar dat woe net slagje. Pier mocht ek graach roeie, fytse en reedride, stilsitte wie der net by.

Wy winksje Pietsje, de bern, pakesizzers en oerpakesizzer in protte krêft ta.

Pier, wy sille dy misse!

Frysk Sjongkoar Lelystêd.

KUIERJE LANS DE GRINS FAN FRYSLAN

Dei 2. Fan Stroobos/ Gerkeskleaster nei Fryskepeallen.

Hjoed 4 april 2023 kuierje ik tusken Stroobos en Fryskepeallen. Mei it spoar nei Bûtenpost. Fanôf dêr mei de bus yn de rjochting fan Surhústerfean. Dy bus komt lâns Blauferlaat. Dêr begjint myn kuier wer. Earst oer de brêge fan it prinses Margrytkanaal. Nei in pear hûndert meter kin ik de drokke wei ferlitte. Dan rin ik wer op nei de Lauwers ta. It is in smel dykje wer't ik no rin. De Sur-



Surhuzermieden

huzermieden lizze foar my. It is moai waar. Der leit noch wat ryp op it gers. De sinne rommet de lêste mistbanken op. Ik bin hjir op in ideaal momint. De greidefûgels binne yn foarjiersstimming. Wat ik jierrenlang net meimakke ha, belibje ik no. Nei in baltsjende wettersnip lústerje wylst de skries, de ljip, strânljip en tsjirk tagelyk ek sjonge. It like it fjild wol sa't ik dat yn myn bernejierren om my hinne seach. Links foar my yn de fierte leit Stroobos oan de oare kant fan it kanaal. Wat binne dy fabriken dêr dochs ûnwêzentlik grut. Hjirwei sjoen, hawwe dy dêr op de kime de oanblik fan in reuseftich oarlochsskip. Mear nei rjochts leit yn de selde rjochting as de Lauwers, it buorskip Surhuzermieden. Fanâlds steane hjir lytse boerepleatsen. De bewenning is lâns in ôfwetteringskanaal. It is hjir altyd in úthoeke west tink ik. De sompige

greiden fan it natuergebiet haw ik efter my litten. It lân wurdt stadichoan sânich en drûger. Der komt in sydwei yn de rjochting fan Doezum. Dy folgje ik



Ynformaasje oer de Doezumermieden

en nei in pear hûndert meter kom ik by it rivierke De Lauwers. De grins fan Fryslân en Grins. Mar inkele meters breed bochtet it streamke hjir troch in gebiet fan petgatten en broekboskjes. De Doezumermieden. Noch net lang lyn waard hjir noch turf stutsen troch de streekbewenners. Ik lêz dat de turf troch de yn-

floed fan de see ryklik klaaiich wie. En dêrom net goed brâne woe. Dizze streek leit yn it oergongsgebiet fan klaai nei sân. Lâns de Lauwers is hjir in natuerpaad útset. In Bleatefuottenpaad sels. Hjir kom ik fêst in kear werom. Der komt wer mear bewenning. Peebos hjit it hjir. Ik sjoch in moaie grutte tún en by in útspanning, it is in teetún. Der bin minsken yn de tún oan it wurk. Simmers is it hjir fêst in



Hjir begjint DeLauwers

UT DE BOEKEHOEKE

Fertaalde bestsellers yn it Frysk.




Dizze kear wolle wy it oer boeken hawwe dy't út in oare taal oerset binne yn it Frysk.

De twa skriuwers dy wy behannelje binne Dan Brown en Teun de Vries. Dan Brown is bekend fan de bestsellers sa as de Da Vinci Koade. Hy is in grut leafhawwer fan Fryske hynders en hat sels ek in pear Fryske hynders. Jo soene it net ferwachtsje, mar in tal boeken fan Teun de Vries binne it earst yn it Nederlânsk ferskynd en pas letter oersetten yn it Frysk.

Fan Dan Brown: Ynferno

Robert Langdon, heechlearaar keunstsiednis en symbolyk, wurdt op in nacht wakker yn in sikehûs yn Florence sûnder te witten hoe't er dêr telâne kaam is. Holpen troch in stoïsyske jonge frou, Sienna Brooks, flechtet Langdon en bedarret er yn in dûzeljend aventoer. Langdon komt der efter dat er yn it besit is fan in tal ûntrêstigjende koades, makke troch in briljante wittenskipper; in sjeny dat obsedearre is troch it ein fan 'e wrâld en it tsjustere masterwurk Ynferno fan Dante Alighieri.



De striid tsjin dizze mysterieuze fijân bringt harren nei tiidleaze lokaasjes as it Palazzo Vecchio, de Boboli-tunen en de Duomo, en Langdon en Brooks stjitte op in netwurk fan ferburgen trochgongen en iuwenâlde geheimen. Mei Ynferno sit Brown op fertroud terrein en hat er syn oan no ta meast dryste boek skreaun.

Dan Brown is ien fan de suksesfolste trillerskriuwers yn 'e wrâld. Syn boeken steane moannenlang boppe oan de bestsellerlisten te pronkjen.

Fan Teun de Vries: De soldaat dy't weromkaam

De soldaat dy't weromkaam is ynspirearre op in ferneamd sechtsjinde iuwsk proses. It is de tiid fan godstsjinst-oproeren en folksopstannen. In jonge



Ynformaasje oer Puntpeal en omjouwing

ta. Ek hjir folget de wei presys de grins. De Skieding is de namme ek noch fan dizze dyk. Links en rjochts is iepen fjild en der steane grutte boerepleatsen. By Fryskepeallen stiet wer in grinspeal. Dy stiet hjir op in plak wer't in sk ns, in f sting, west hat. Hjir ferdigene de befolking harren tsjin de soldaten fan Bommen Berend, de biskop fan M nster. Dy hie it foarsjoen op de st d Grins. Fan de oarspronklike sk ns hat men koartlyn in model neiboud. Yn de foarm fan in fjouwerkant fan hege ierden wallen. Der stiet ek in monumintsje. Ik fyn it moai makke. Noch in lyts eintsje en ik bin yn it doarp. De bus komt ek al gau. Ik reizgje fia Drachten mei de bus nei Hearenfean. Mei it spoor kom ik wer th s. It wie wer in skoane dei.

Eabele van der Veen.

Fryske siswizen.

- Men moat net alles sizze wat men wit, mar wol alles witte wat men seit.
- It komt der net op oan hoe  ld men is, mar hoe't men  ld is.
- As dwaan net doocht, is litten better.
- Dy't folle seit, moat folle wiermeitsje.
- Gjin gerop en gjin geklei, op is op en wei is wei.

gesellich r stplak foar fytsers. Fan f dit plak kin ik op de grins l ns kuijerje. In reed mei de namme Fryske Dyk markearet de grins. Ik kom dwers troch it fjild, wer't de Lauwers begjint. It is der ek wiet en de gr n is kliemsk. De f gels sjonge drok. Ik sjoch ek d dlik in pear seldsume matkopmiezen. It paad komt  t by Koartw lde. In gehuchtsje by Surh sterfean. Foar myn gefoel begjint hjir de drokke bewenne wr ld. Der is in grut bedriuwsterrein en der is oeral bebouwing. Oan de Grinzer kant hearre de h zen by De Pein. De Fryske kant is Surh sterfean De kearsrjochte lange provinsjale dyk wer't ik no l ns rin, is tagelyk de grins fan Frysl n. De namme fan de wei is De Skieding. It kuijerjen wurdt in bytsje  fsjen. De rommelige omjouwing en it drokke ferkear meitsje alles wat ientoanich. Wat  flieding fyn ik yn de grinspeallen dy't ik no foarby kom. D r meitsje ik foto's fan. Yn de tiid dat hjir turf stutsen waard, wie der faak lijen oer eigendomsrjochten fan it fean. It wie de provinsje Grins dy't der op oanstie om grinspeallen to pleatsen. Grinspeal 13 is bys nder. Dy stiet op in plak wer't ea fjouwer gemeenten byinoar kamen. D r kinst ek d dlik ferskil yn ferkaveling sjen tusken beide provinsjes. Puntpeal hjit it hjir. In puntige peal is it net, mar ik begryp hoe 't it oan de namme kommen is. Yn de streek hjir is Puntpeal in bekend plakje. De skriuwer Rink van der Velde hat in boek skreaun wer't Puntpeal in grutte rol yn spilet. De omjouwing feroaret wer. De beamwallen h lde op en it fjild wurdt wer rommer. Dan kom ik by in oare soarte fan grins. De autowei A7. Der is in fiadukt w roer ik oan de oare side komme kin. Op de br ge kin ik de omjouwing yn my opnimme. Wat jout sa'n autodyk dochs in grutte fersteuring yn it l nskip. Sa'n wei makket letterlik I n skieding. Oan de oare kant fan de A7 is it krekt of ik yn in hiel oar part fan Frysl n kommen bin. D r wei is it noch in pear kilometers nei Fryskepeallen



Grinspeal 13

wer. De beamwallen h lde op en it fjild wurdt wer rommer. Dan kom ik by in oare soarte fan grins. De autowei A7. Der is in fiadukt w roer ik oan de oare side komme kin. Op de br ge kin ik de omjouwing yn my opnimme. Wat jout sa'n autodyk dochs in grutte fersteuring yn it l nskip. Sa'n wei makket letterlik I n skieding. Oan de oare kant fan de A7 is it krekt of ik yn in hiel oar part fan Frysl n kommen bin. D r wei is it noch in pear kilometers nei Fryskepeallen

It bestjoer fan it sjongkoar nûget jimme út foar
de jierlikse **KRYSTMIDDEI**

op sneon 16 desimber 2023 om 14:30 oere
yn teäter Posa - seal iepen om 14 oere

Tagong is fergees / jefte is wolkom

Hjir ûnder stiet de ynhâld fan de middei:

1. *Krystklokken*
2. *Dêr jinsen yn it bûthûs*
3. *Tûzend ljochte ingels blinke*
4. *Meisjongers:*
Er is een kindeke geboren
Komt allen tesamen
De herdertjes lagen bij
nachte
5. *Verhaal Anneke*
6. *De doar fan de stâl is iepen*
7. *O, Hillige Nacht*
8. *Sang fan 'e hoeders*
SKOFT
9. *Ald Krystliet*
10. *Ut hege himmel kaam Hy del*
11. *Krystsang*
12. *Meisjongers:*
Stille nacht
In Bethlehems stal
Nu sijt wellekome
13. *Verhaal Yvonne*
14. *Ingelsk Krystliet*
15. *Hoe sille wy fan Frede sjonge*
16. *Ere oan God – mei-inoar*



It iendeisbestjoer nûget jimme út foar de
NIJJIERSBESITE

op sneon 20 jannewaris 2023 om 14:30 oere

Yn De Krakeling, Atol Plaza - seal iepen om 14 oere

Tagong is fergees



14.30 oere Iepening en welkomstwurd.

14.40 oere Optreden fan it Frysk Sjongkoar

15.00 oere Bert van Geel fan Dronryp mei in lêzing oer de
Nederlânske natuer

15.45 oere Skoft

16.05 oere Ferfolch lêzing Bert van Geel fan Dronryp

16.50 oere Optreden fan it Frysk Sjongkoar

17.10 oere Ferlotting

17.30 oere Sluting

Hartelijke groet, Yvonne